

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes  <b>Gaswinning</b>
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	Op 17 jannewaris lêstlyn hat minister Kamp út namme fan it regear in hiele rige maatregels yn it foarútsjoch steld yn ferbân mei de gaswinning yn Grinslân. Benammen skeakompinsaasje en leefberensmaatregels binne dêr ûnderdiel fan. Op in fraach op de parsekonferinsje stelde de minister dat kompinsaasje yn oare regio's lykas Fryslân 'op de eigen merites beoordeeld moeten worden'. De Steatefraksje fan de FNP is fan betinken dat no fierdere stappen nedich binne foar Fryslân. De problematyk is foar in grut part deselde is as yn Grinslân, lykwols fan in hiele oare oarder.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Is it Kolleezje mei de FNP fan betinken dat der ek foar Fryslân in 'Kommisje-Meijer' komme moat dy't ûndersyk dwaan moat nei de omfang fan de problemen mei gas- en sâltwinning foar partikulieren hjir yn Fryslân?</li><li>2. Is it Kolleezje ree om mei saakkundigen it argumint fan it fynplakfoardiel foar de regio, dat neffens ynternasjonale jurisprudinsje fan tapassing is op mynbouwinning, fierder út te wurkjen?</li><li>3. Is it Kolleezje fan doel om by it Ryk (regear en parlemint) te pleitsjen foar in omkearde bewiislêst?</li><li>4. Binne DS ree om by alle delfstoffewinning yn Fryslân pas akkoart te gean cq posityf advys te jaan as der in 'ûnôfhinklike en objektive' nulmjitting dien wurdt? Sadat 'oan de foarkant' alles regele is en der net allinnich foar de oerheden in goede ynvintarisasje dien is yn ferbân mei eventuele skea mar ek foar de ynwenners fan Fryslân.</li></ol>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)  FNP, Jan Visser
---------------	--

Datum	3 febrewaris 2014
-------	-------------------